

**Speech drs. A.A.M. Brok, kommissaris fan de Kening yn de
provinsje Fryslân by gelegenheid fan 'e boekpresintaasje
'Kneppelfreed 2021' fan Peter Boomsma yn de Steateseal fan it
provinsjehûs.**

WOLKOM!

Goemiddei, bêste minsken, moai dat jim der binne.

Wolkom yn de Steateseal. It hert fan de Fryske demokrasy.

Dizze seal fiert dit jier in jubileum: hy is 125 jier yn gebrûk.

Dêr binne wy grutsk op.

Hjir wurde besluten nommen oer de takomst fan ús moaie provinsje.

Ek oangeande it Frysk.

Yn it foarste plak wol ik graach Peter Boomsma komplimintearje mei syn
boek. Dit is in dokumint dat der wêze mei!

Kneppelfreed is in ikerpunt yn de Fryske skiednis. It betinken is hast like
wichtich as de dei sels.

It twingt ús om nei te tinken oer ús taal en identiteit.

Mar, wat fiere wy no eins, 70 jier nei Kneppelfreed?

Is der wat te fieren?

Yn it boek *De Friese Utopie* út 2019 skriuwt Abe de Vries dat de emansipaasje fan de Friezen noch hielendal net foltôge is. Yn it boek wurdt sjoen nei de takomst yn 2030. Ik helje in Nederlânsk stikje tekst oan:

“Friestaligen zijn nog lang niet uitgeëmancipeerd. De zaak van hun emancipatie vanuit talige machtsongelijkheid en politieke ontmoediging tot burgers in eigen taal en taalgebied heeft nieuwe stappen nodig.”

Neffens De Vries giet it ‘ontfriezen’ fan Fryslân hjoed-de-dei allinne mar hurder en hurder. De hâlding fan it Ryk en de provinsje komme der net goed fan ôf.

Underwiis yn oare Europeeske lannen yn de eigen taal kriget folle mear romte as hjir by ús. Kommunikaasje yn it Frysk is en bliuwt yn ús

provinsje neffens De Vries in sosjale hanneling dy't noch altyd ûnderdrukt, dat wol sizze ûntmoedige en ôfret wurdt.

Mar is dat wol hielendal wier?

It is wol wier dat bygelyks it Welsh op skoallen yn Wales in better plak hat as it Frysk op skoallen. Yn Wales binne ek skoallen dêr't it Welsh de fiertaal is en it Ingelsk gewoan in fak.

Alden dy't goed ûnderwiis hawwe wolle, stjoere harren bern nei in skoalle dêr't it Welsh in goed plak hat. Ek migrante-âlden, dy't sels faaks net Welsh prate kinne dogge dat. Yn Fryslân hawwe wy fansels ús trijetalige skoallen, mar dat is wol wat oars as it grutste part fan it ûnderwiis hielendal yn it Frysk. As in bern fan in trijetalige skoalle yn Fryslân ôfkomt, kin it meastentiids noch net flaterleas Frysk skriuwe. Dat is tige spitich.

En it Katalaansk hat yn Spanje op skoallen ek in oar plak as it Frysk by ús. By op syn minst 25% fan alle lessen yn it Katalaanske ûnderwiissysteem moat de fiertaal Spaansk wêze. Wat betsjut dat by it oare part ek by oare lessen as ynstruksjetaal it Katalaansk brûkt wurde

kin. It Katalaansk is sa net de taal fan de bern op it skoalplein, mar wol de haadtaal yn it skoalgebou.

Persoanlik bin ik fan miening dat it Frysk yn ús provinsje no, 70 jier nei Kneppelfreed net ûnderdrukt, ûntmoedige of ôfret wurdt. Dat is net wier. Ik bin wol fan betinken dat sûnder better en mear ûnderwiis it Frysk gjin takomst hat.

Mr. Stheeman, âld-presidint fan de Rjochtbank yn Ljouwert hat op himsels gelyk krigen, doe't hy by de troch de provinsje yn 1952 organisearre harksitten sei: *“Aan het Fries wordt geen strobreed in de weg gelegd.”*

Want wy binne wol frij om it Frysk te brûken wêr't wy dat wolle, ek yn de rjochtseal.

As it oer ús lok giet hawwe wy de Fryske paradoks. Wy hawwe it ekonomysk minder, mar binne wol lokkiger as de rest. Neffens it Fries Sociaal Planbureau spilet as ferklearring njonken de rêst en romte fan ús natuer en lânskip, de sterke sosjale gearhing, ek de Fryske taal en kultuer mooglik in rol.

It FSP seit hjiroer: *“Een eigen cultuur en identiteit kunnen bijdragen aan het gevoel erbij te horen en zodoende bijdragen aan een hoger geluksniveau.”*

Wol is it neffens it FSP sa dat dat ek krekt in ‘splijtzwam’ wêze kin as giet om bining tusken Frysktaligen en net-Frysktaligen.

Dêrby moat ik ek werom tinke oan de wurden fan Fedde Schurer by de harksitten dy’t de provinsje yn 1952 foar de trije ministers organisearre. Schurer sei dat hy net easke fan amtners dat sy Frysk prate koene, mar wol dat sy it ferstean koene. Want neffens Schurer wie dat yn ien moanne te learen.

Wy besykje ûndertusken as provinsjale oerheid Friezen te stimulearjen om oeral fanselssprekkend Frysk te brûken. Net mei stickers fan *‘praat mar Frysk’*, of *‘Hjir kinne jo Frysk prate en Nederlands kan natuurlijk ook’*. Mar troch miljoenen yn ‘t jier beskikber te stellen foar aktiviteiten foar it behâld en befoarderjen fan de Fryske taal. Saken dy’t opnommen binne yn de twatalige Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer dy’t wy mei it Ryk ôfsletten hawwe.

Dat wie yn 1951 noch wol oars. It Frysk waard faaks mear yn it deistich libben brûkt, mar it wie net fanselssprekkend op skoalle of yn kontakt mei autoriteiten. Wy binne no in twatalige provinsje, mei twa offisjele talen: it Frysk en it Nederlânsk. En dêrby moatte wy foaral net rjochting Den Haach of Brussel roppe en de hân ophâlde.

Wy moatte útgean fan eigen krêft!

Sels stappen sette wat it Frysk oangiet.

Sels it goede foarbyld jaan.

Sa sette we yntern ek mear yn op it wêzen fan in Frysktalige organisaasje. Mei it beliedsplan 'Fanselssprekkend Frysk' hawwe wy dit jier foar 2030 it doel dellen dat 90% fan ús meiwurkers mei direkt kontakt mei it publyk Frysk prate en skriuwe kinne moat.

Ek komme wy mei regelingen om sichtberens fan it Frysk te stimulearjen, foar gemeenten, mar ek foar bedriuwen. Dêrnjonken finansierje wy in ferskaat oan Fryske literatuer, de Dichter fan Fryslân, Fryske nije festivals sa as Herberch Frisia en nim mar op.

Ek sette wy de Afûk yn om it Frysk yn de soarch en de ekonomy aktyf te stimulearjen en soargje wy der foar dat der ek op it MBÛ omtinken is foar it Frysk. Om it noch mar net te hawwen oer it grutte Taalplan Frysk dêr't de ferskate Fryske taalorganisaasjes harren krêften bondeljen om de kwaliteit fan it ûnderwiis mei de skoallen it Frysk foar 2030 op in heger plan te bringen.

Wy ha ek besocht it tolke-tekoart op te lossen troch twa nije C1 tolken op te lieden. Sadat Fedde Dijkstra ek ris op fakânsje kin as der dochs in tolk nedich is omdat in rjochter gjin Frysk ferstiet. Spitich genôch sille dy nije tolken salang it taryf net oplost is, noch net ynsetten wurde kinne. As oerheid kinne wy it net allinne oplosse. It taryf probleem fan tolken giet fierder as it Frysk allinne.

En litte we wol wêze: fan 't jier hawwe der 7 Friezen west dy't sein hawwe: ik wol graach in tolk by it gerjocht hawwe.

7 fan de hast 650.000 ynwenners!

Yn Fryske Utopy stelt De Vries him ek de fraach of de ferbining tusken identiteit en taal sa stadichoan net trochsnijd is. Dat it Frysk sis mar, út de Fryske identiteit helle is. Ut ûndersiik docht nammentlik bliken dat net de Fryske taal fan grut belang is foar de Fryske identiteit, mar it lânskip, de streekprodukten, it konsept Fryske frijheid en tradysjes.

It Frysk Sosjaal Planburo konkludearre dat de Alvestêdetocht, bearenburch en sûkerbôle wichtiger binne as de Fryske taal.

De Fries soe sa sels in faktor wêze yn it ferkwânseljen fan de eigen identiteit. Wy skeakelje yn in sucht oer op it Nederlânsk.

It Frysk praten moat fanselssprekkend wêze.

Wy moatte ús net te gau ferbrekke.

It Frysk brûke kin op sjarmante wize.

Ut ûndersyk fan Lysbeth Jongbloed docht bliken dat de jongerein ek anno 2021 noch wol in protte Frysk brûkt. Dat jout moed. Njoggen fan de tsien jongeren brûkt wolris Frysk op social media. It is faaks net it Fryske

Akademy Frysk, en it wurdt net sa útsprutsen as ik it fan myn leave dosint Martsje fan de Afûk leard haw, mar de taal wurdt op whatsapp, Tiktok en Insta troch de nije generaasje wol brûkt. It Frysk is net de taal fan de boeren, pakes en beppes of de mindere taal fan de minder ûntwikkelen. It Frysk heart der foar harren gewoan by.

Alle Fryske gemeenten foldogge oan de Wet Gebrûk Fryske Taal en hawwe in taalbeliedsplan. En ek Ljouwert stie mei Kulturele Haadstêd lang net mear mei de rêch nei Fryslân ta.

Mar weromkommende op myn fraach: wat fiere wy 70 jier nei Kneppelfreed no krekt?

Ik tink dat wy fiere dat wy ús taal oeral brûke meie en kinne. Dat wy net skruten hoege te wêzen. Dat der gjin ien is dy't ús tsjinhâldt it Frysk te brûken. De mearderheid ferstiet ek hjoed noch hieltyd gewoan Frysk. Wy binne net ôfhinklik fan in oerheid dy't wol of net in koroana app yn it Frysk beskikber stelt of in donor flyer yn it Frysk makket. Dêr sit net de krêft yn foar it besteansrjocht fan it Frysk. Dy sit him by de ynwenners fan Fryslân sels.

By jo en by my!

By it Frysk moat dan ek lykas De Vries ek in De Friese Utopie seit, de mienskip en it publike libben sintraal stean.

As provinsje binne wy yn it ramt fan bestjoerlike fernijing op fersyk fan Provinsjale Steaten dwaande mei it opsetten fan in digitale partisipaasje platfoarm, 'Stimfanfryslan.'

Dêrmei wolle wy ynwenners better by ús wurk behelje. Ut ûndersyk fan it FSP docht bliken dat minsken dat graach wolle.

Ik hoopje dat wy oer 5 jier Kneppelfreed net allinne fiere om wat wy as it de rjochten oangiet allegearre meie en kinne mei ús taal. Ik hoopje dat wy yn 2026 fiere wat wy safolle jier nei Kneppelfreed fanselssprekkend gewoan dogge mei ús taal!

Dy rykdom, dy eigenheid yn kultuer, lânskip en identiteit, dêr moatte we sunich op wêze. Mar Fryslân is gjin museum. Wy geane mei de tiid mei en der stiet gjin stek omhinne. Wy binne in iepen mienskip!! En steane

yn iepen ferbining mei de wrâld om ús hinne. En mei alle oare minderheidstaalgebieten yn Europa. Wy sitte net op in terp.

Respekt foar oare kultueren en gebrûken begjint mei respekt en bewustwêzen fan jins eigen kultuer.

Ik bin optimistysk oer de takomst fan it Frysk, it is wol wier dat de Friezen noch net útemansipearre binne....

Tank foar jo oandacht!